

# Faksin yn it koart foar **Comirnaty werhelprik (Pfizer/BioNTech) tsjin COVID-19**

## Wêr is dit faksin foar?

Dit faksin is in ekstra prik (werhelprik) tsjin it koroanafirus (SARS-CoV-2). Dit is in fernijd faksin. It rjochtet him op it orizjinele firus en op de Omikron fariant. De werhelprik beskermet jo wer better tsjin it koroanafirus.

As jo besmet reitsje mei dit firus kinne jo lêst krije fan klachten. Lykas koarts, hoastjen, pine yn 'e kiel, in driпноas en ferlies fan rook en smaak. Ek kinne jo lêst krije fan slimme klachten. Lykas benaudens en in longûntstekking. Guon minsken stjerre oan it koroanafirus.

Jo krije dizze werhelprik om te foarkommen dat jo slim siik wurde troch it koroanafirus.

## Hoe wurket dit faksin?



Troch de basisprikken hat jo lichem antystoffen oanmakke. Dy antystoffen beskermje jo tsjin it koroanafirus. It oantal antystoffen wurdt nei jo lêste prik of besmetting mei koroana stadichwei minder.

In **werhelprik** beskermet jo wer better tsjin it koroanafirus. Hjirtroch wurde jo net siik of folle minder siik.

## Wannear krij ik dit faksin?

Jo kinne dizze faksinaasje krije as jo 12 jier of âlder binne. En as jo de basisprikken tsjin koroana hân hawwe. De Ryksoerheid bepaalt wa't in útnûging krijt foar dizze werhelprik.

Jo krije de werhelprik op syn minst 3 moannen nei jo lêste prik.



Jo krije de prik yn jo boppe-earm.

## Hoe is dit faksin goedkard?

- Der is in soad ûndersyk dien nei de feiligens en wurksumens fan it orizjinele faksin. Ek is der gâns ûnderfining mei it brûken fan it orizjinele faksin.
- De werhelprik is mar in lyts bytsje oanpast. Der binne ekstra ûndersiken útfierd foar de werhelprik dy't Omikron BA1 befettet. Dy ûndersiken litte sjen dat de bywurkingen fergelykber binne. It oantal antystoffen dy't dyn lichem oanmakket tsjin de Omikron fariant is heger as nei in orizjinele boosterprik (werhelprik). It oantal antystoffen dy't dyn lichem oanmakket tsjin it orizjinele firus is ûngefear gelyk.

## Tink derom!



Jo meie autoride as jo dit faksin hân hawwe. Ryd gjin auto as jo lêst hawwe fan bywurkingen lykas wurgens.



Binne jo yn ferwachting? Jo kinne jo gewoan faksinearje litte.

## Wichtichste bywurkingen

Krekt as by oare faksins kinne jo lêst krije fan bywurkingen. De measte bywurkingen krije jo om't it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan jo lichem begjint te wurkjen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus.

Út ûndersiken binne de folgjende meast foarkommende bywurkingen bekend. Dizze bywurkingen binne te fergelykjen mei dy fan it orizjinele faksin. Mear as 1 op de 10 brûkers fan dit faksin krijt lêst fan:

- Pine op it plak fan de prik.
- Wurgens.
- Pineholle.
- Spierpine.
- Koarts.
- Diarree.

Dizze bywurkingen duorje meastal 1 oant 3 dagen.

In slimme bywurking dy't mar hiel inkeld foarkomt is in ûntstekking fan jo hertspier of fan jo hertsekje.

## Wichtichste warskôgings

Freegje oan jo dokter oft jo dit faksin krije meie as jo:

- Earder in **allergyske reaksje** hân hawwe op in faksin.

It RIVM advisearret om in nije ôfspraak te meitsjen as jo:

- **Slim siik** binne of **hege koarts** hawwe foar't jo de faksinaasje krije.
- COVID-19 hawwe. Of as jo mooglik COVID-19 hawwe.
- De ôfspraak **mist** hawwe.

Jo ha in tige lytse kâns op in ûntstekking fan jo hertspier of jo hertsekje. As it bart, is dat meastentiids binnen 2 wiken.

**Nim dêrom fuortdaliks kontakt op mei jo dokter** as jo nei de faksinaasje lêst krije fan:

- Pine op it boarst.
- Net goed sykhelje kinne.
- Hertkloppingen.

## Mear witte?

Hawwe jo fragen of twivels oer faksinearjen of de werhelprik? Oerlis dan mei jo dokter of apoteker.

Sjoch foar de offisjele bysluter fan dit faksin op [genesmiddeleninformatiebank.nl](https://genesmiddeleninformatiebank.nl). Foar mear ynformaasje geane jo nei [coronavaccinatie.nl](https://coronavaccinatie.nl).

Wolle jo in bywurking melde of hjir mear oer witte? Dat kin op [lareb.nl](https://lareb.nl).